



Teake Oppewal (links) fan Tresoar, Jitske Kingma fan Elikser en René van Stipriaan fan de DBNL.

FOTO LC  
| NIELS WESTRA

# Fan 'Simmer' oant 'Frijende kikkerts'

Dêrnei waard it kiezen. De kategory 'ûnbetwiste klassikers' smiet boeken op as 'De gouden swipe' fan Abe Brouwer, 'Leafdedea' fan Homme Eernstma, 'Frijende kikkerts' fan Hylke Goinga, 'De jacht' fan Durk van der Ploeg en 'De smearlappen' fan Anne Wadman.

Foar in oantal boeken wie de oantsjutting 'ûnbetwist klassyk' justjes te folle ear, mar se wiene wol 'markant' genôch om opnommen te wurden. Dat jilde ûnder oare foar 'De roekkat' fan Willem Abma, 'Shit my mar lek' fan Meindert Bylsma, 'Minskrotten-Rotminken' fan Trinus Riemersma en 'Mei Abraham fûstkje' fan Anne Wadman. De kategory 'literatuerhistorysk belang' wie ta beslút noch goed foar trije titels: 'Skiednis fan de Fryske Biweging' fan Sjoerd van der Schaaf, 'Koarte skiednis fan de Fryske Skriftekennisse' fan Jan Piebenga en 'Lyts hânboek fan de Fryske literatuer' fan Klaes Dykstra en Bouke Oldenhof.

Oanfieder fan de list is Anne Wadman mei sân titels. Trinus Riemersma, Sjoerd van der Schaaf, Paulus Akkerman, Willem Tjerkstra (de trilogy 'Ridder fan Snits') en Rink van der Velde binne elk fertsjintwurdige mei trije boeken. De lêste hat lykwols fiif fermeldingen op 'e list om't fan 'De fûke' en 'Feroaring fan lucht' sawol de oarspronklike tekst as de troch de

skriuwer sterk wizige ferzje opnommen binne.

Njonken Tresoar en de DBNL is útjouwerij Elikser yn Ljouwert as tredde partij yn it projekt behelle. Elikser is spesjalisearre yn *printing on demand* (pod), it printsjen fan boeken yn minimale oplagen. It idee dêrefter is dat de measte minsken dy't de digitalisearre boeken aanst besjogge dat foaral dwaan sille as ûndersiker of bygelyks om in bepaalde passaazje nochris te besjen. Minsken dy't in boek echt lêze wolle, dogge dat net op it kompjûterskerm of mei in steapel keale prints op 'e skoat. Om't de measte boeken op Sirkwy net mear yn de boekhandel binne en de kâns op werprintinge lyts is, is pod foar sokke minsken in útkomst.

## KLEUR

Hannie Pijnappels hat in omslachûntwerp makke, allinne de kleur wurdt by elk boek oanpast. De rige ferskynt ûnder de namme Nije Biblioteek, as útjouwer komt op it omslach TDE te stean. Dy letters steane for Tresoar, DBNL en Elikser. Ynearsten komme fyftich fan de tachtich titels beskikber. Nei alle gedachten wurde dyselde boeken aanst ek as e-book útjûn. It pod-ferhaal spilet allinne yn Fryslân, de DBNL brûkt it noch net foar de Nederlânske literatuer. René van Stipriaan fan de DBNL seit dat er de ûnt-

jouwingen yn Fryslân „met argusogen” folget. „Het is een proeftuin voor ons. Als het goed loopt, kunnen we het misschien ook op Nederlandse schaal toepassen.” Van Stipriaan neamt it opfallend dat der amper skriuwers en útjouwers yn Fryslân binne dy't harren meiwurking wegerje. En as se dat al dogge, hawwe se dêr in goede reden foar, bygelyks om't in boek noch yn de boekwinkel te krijen is of ynkoarten werprinte wurdt. Ek it Skriuwersboun hat ûnderwilens ynstimd mei in modelkontraat foar it útjaan fan boeken as pod.


## BERNEBOEKEN

De earste tachtich titels dy't op 9 april beskikber komme op [www.sirkwy.nl](http://www.sirkwy.nl) binne in begjin. De kommende jierren wurde mear romans taheakke en krije ek poëzij en berneboeken in plakje. Dêrneist komt der romte foar sekundêre literatuer en foar lûd- en byldfragminten. Teake Oppewal fan Tresoar: „Ast aanst in boek oanklikst, kinst tagelyk de resinsje yn de LC besjen of wat er oer skreaun is yn de literêre blêden.” [www.sirkwy.nl](http://www.sirkwy.nl) moat neffens Oppewal mear wurde as allinne in digitale bibleteek. „Alle ynformaasje oer Fryske literatuer wurdt aanst yntegraal oanbean. It moat in podium wurde foar elkenien dêr't ek lêzers reagearje kinne op de Fryske literatuer.”

## Twa nije boeken

It Obe Postma Selskip biedt woansdei twa nije boeken oan op it gebiet fan de lânskipsskiednis. It giet om in mânske útjefte fan lânbouhistoryske opstellen fan Obe Postma – 'Veld, huis en bedrijf' – besoarge troch Philippus Breuker, mei Meindert Schroor en Tineke Steenmeijer-Wielenga. Ek de bondel 'Van Groningen tot Zeeland. Geschiedenis van het cultuurhistorisch onderzoek naar het kustlandschap' is nij. Op it program fan de middei stean in tal fan sprekkers en it oerhandigjen fan earste eksimplaren.

- Ljouwert – *Natuermuseum Fryslân* boekpresintaasje, woansdei, 16 oere



## Liwwadder diktee

Un kleine 25 kursisten hewwe de aflopen maanden un inleiding folgd in ut stads. Woensdag slute sij hun kursus af met un diktee. Oek Anneke Douma, Rients Gratama, Henk van der Veer, Melvin van Eldik, Harrie Wiersma en Ricky doën met, as spesjale genodigden. Utgangspunt fan ut diktee is dat 'metdoen feul belangriker is dan ut foutloas skrieve fan ut Liwwadders. As jou it skrieve suas jou ut hore binne je al un mooi eind op streek'.

- Liwwadden - *stadhús* diktee, woensdag, 19.30 uur



## Jehannes passy

De Jehannes Passy fan Hoite Pruiksmas hat sa'n yndruk makke dat by de premiêre yn 1999 in cd-opname mooglik wie. De komponist omskriuwt syn styl as in kombinaasje fan fyftjinde-iesuske polyfony mei de santjinde-iesuske resitearfoarm en de ekspressiviteit fan Strawinsky en Penderecki. Warkum makket fan de konserten wat bysûnders troch de ynset fan in soad frijwilligers. Sneon sille muzykdosint Ebo Reitsma en komponist/dirigint Hoite Pruiksmas in ynlieding hâlde foarôfgeand oan it konsert yn it tsjerkesintrum 'Oer de Toer', tsjinoer de tsjerke (19.15 oere).

- Warkum – *Grote of St. Gertrudiskerk* konsert, freed en sneon, 20.30 oere